

**E-mail DFS:** [skriuwer@friesdammen.nl](mailto:skriuwer@friesdammen.nl)  
**Yinternet:** [www.friesdammen.nl](http://www.friesdammen.nl)  
**Webmaster:** Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake Kooistra  
[st.kooistra@hotmail.com](mailto:st.kooistra@hotmail.com)

**Damklups:**

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-SWF, F.Groenveld, Riperwei 6,  
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517  
[groenveldf@hotmail.com](mailto:groenveldf@hotmail.com)
- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,  
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011  
[jantsje.leo@kpnmail.nl](mailto:jantsje.leo@kpnmail.nl)
- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,  
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704  
[shatterma@hotmail.com](mailto:shatterma@hotmail.com)
- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Luniastate 15,  
9074 MC Hallum, 0518 - 431003  
[harmenvandermeer@hotmail.com](mailto:harmenvandermeer@hotmail.com)
- ◆ **“Hartwert e.o.”** Klaas Abma. Kloosterweg 12,  
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747  
[damkluphartwert@live.nl](mailto:damkluphartwert@live.nl)
- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,  
8823 SX Lollum, 0517 - 469245  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl)
- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,  
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992  
[siebrendyk@gmail.com](mailto:siebrendyk@gmail.com)
- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrjitte 20,  
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782  
[baukebos@home.nl](mailto:baukebos@home.nl)

**Freoneklup:**

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle,  
kinne lid wurde fan de Freoneklup.

It ledejild is € 15,-, foar lju út it bûtelân € 20,-.

Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

# OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN IT JIER ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

37 ste jiergong

nûmer 1

oktober 2015

**Einredaksje:** Alie Cnossen en Folkert Groenveld

Alie Cnossen, Hoytemadyk 16, 8614 AR Aldegea-SWF  
Till. 06 – 24 62 89 86 mail: [aliecnossen84@hotmail.com](mailto:aliecnossen84@hotmail.com)

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XH De Jutryp  
Till. 0515 – 42 45 17 mail: [groenveldf@hotmail.com](mailto:groenveldf@hotmail.com)

**Lêzersjild:** fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.  
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

## **Betelling en administraasje:**

Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert  
*IBAN* NL95RABO 034.95.02.072  
ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it bûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

## **Bestjoer.**

- Foarsitter: Liuwe Westra, Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl) 0517-469245
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14, 9023 AB Jorwert.  
[siebrendyk@gmail.nl](mailto:siebrendyk@gmail.nl) 058-2519992
- Ponghâlder: Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21,  
8734 GD Easterein, [wiersmafedde@gmail.com](mailto:wiersmafedde@gmail.com) 0515-332401
- Ferskate kommisjes

## **FAN DE REDAKSJE**

(Folkert Groenveld)

Yn it foarste plak wol ik Alie Cnossen, Theunis Faber en Thianne lokwinskje mei de berte fan harren jonkje en broerke Folkert-Jan.

Yn it earste nûmer fan dit damjier lêze jim oer de fernijde organisaasje fan it bûn mei ferskate kommisjes. Goed nijs is ek dat der twa nije minsken yn it haadbestjoer sitte: Liuwe Westra en Fedde Wiersma. Sy folgje Siebe Walinga en Piet Sikma op dy't har jierrenlang ynsetten ha. Fan it provinsjale projekt 'Fryske sporten yn dyn klasse' wurdt in protte ferwachte. Der wurdt yn stikjes weromsjoen nei it ôfrûne damjier, ûnder mear út Wommels. Moai dat it damjen dêr op priemen setten wurdt. Fanút Skearnegoutum, Sânfurd, Blauhús en de Stifting WFD is der al nijs oer it nije damjier.

De earste spullen fan de nije Fryslân Kup binne al spile.

En Cor Kooistra skriuwt syn earste column.

## **ORGANISAASJE DAMBÛN FRYSK SPUL, BESTJOER EN KOMMISJES**

It bestjoer fan it DFS bestiet út de foarsitter, de skriuwer en de ponghâlder. Dêrûnder falle dan de kommisjes. Eltse kommisje hat in bestjoerslid as oansprekpunt. It giet om de folgjende kommisjes:

### *Kommissie Jeugdskaken*

Lid: Liuwe Westra, liuwe.westra@mensa.nl; 0517-469245

Oansprekpunt: skriuwer

Taken: it lieden fan 'e jeugdwedstriden, prizen keapje, stikjes oanleverje foar parse,webstek en Oer Alles, kontakten ûnderhalde mei de jeugd en de jeugdliders fan 'e klups

### *Kommissie Kommunikaasje*

Leden: Jesse Boschma, Alie Cnossen, Folkert Groenveld,

Sjoerd Teake Kooistra

Oansprekpunt: skriuwer

Taken: it byhâlden fan 'e webside, trije kear jiers in Oer-Alles meitsje, kontakten printer Oer Alles, fersprieding Oer Alles nei de klups

Jesse\_Boschma@hotmail.com; 0515-569410; 06-38483811

aliecnossen84@hotmail.com; 06-24628986

groenveldf@hotmail.com; 0515-424517

st.kooistra@hotmail.com; 0515-569728

### Kommissje Kampioenskippen

Leden: Johannes Hoekstra, Siebe Walinga

Oansprekpunt: ponghâlder

Taken: organisearjen fan klupkampioenskippen (KK) en persoanlike kampioenskippen (PK), meitsjen fan útnoegings,

PK: byhâlden van achttallen (promoasje/degradaasje), prizen regelje, boel klearsette, seal regelje,

KK: wedstriidlisten/flapover, yndieling, prizen, blommen, ensfh.

j.hoekstra99@home.nl; 0515-469886

info@siebewalinga.com; 06-22040886

### Kommissje Ynternasjonaal

Leden: Harry Kaspers, Marten Walinga, Liuwe Westra,

Oansprekpunt: foarsitter

Taken: nasjonale en ynternasjonale damkontakten, Frysk damjen wraldkûndich meitsje

hbkaspers@gmail.com; 058-2519750

martenwalinga@hotmail.com; 06-34561133

liuwe.westra@mensa.nl; 0517-469245

### Kommissje Materiaal

Lid: Piet Sikma

Oansprekpunt: ponghâlder

Taken: behear en útlienen dammateriaal DFS

NB It materiaal moat by de kommissje helle wurde; der wurdt net brocht!  
p.sikma@hetnet.nl; 0515-569561

### Kommissje Senioarewedstriden

Lid: Piet Sikma, p.sikma@hetnet.nl; 0515-569561

Oansprekpunt: ponghâlder

Taken: organisaasje wedstriden foar 55-plussers

## FAN 'E NIJE FOARSITTER

Op 'e lêste bûnsgearkomste bin ik foardroegen as bestjoerslid en kandidaat-foarsitter, en sawol de gearkomste as de oare bestjoersleden binne dêr allegear mei akkoart gien. Alle minsken dy't har betrouwen yn myn persoan op dizze post útsprutsen hawwe - troch foar my te stimmen, of troch net te protestearjen - wol ik no alfêst tanksizze foar it betrouwen. Ik hoopje dat ik it net beskamje sil.

Mei myn kollegabestjoerders Fedde en Siebren hie ik it in stik minder treffe kinnen, dat dêr sil it net oan lizze. Al is it sa, dat der in protte op ús ôf komt yn dit seizoen. Foar in part haw ik dêr mines sels oan dien, foar in part bart der ek fan alles op it mêd fan it Fryske damjen dat om omtinken freget.

Sa binne der troch it projekt Fryske Sport Yn Dyn Klasse fan Sport Fryslân hieltyd mear basisskoallen dêr't it Frysk damjen bekend is en beoefene wurdt. Der wiene altyd al in tal basisskoallen dêr't it Fryske spul in plakje hie. Mar op ien of oare manier siet dêr de lêste jierren net folle ferbân yn. It soe moai wêze, as safolle mooglik bern fia de skoalle mei oare dammers yn kontakt komme soene, en as der wer in kampioenskip foar skoallen komme soe. Dêr wol ik my yn alle gefallen graach foar ynsette.

In oar punt is, dat it Fryske damjen troch ferskillende inisjativen (tink oan de kursus fan Tjalling Goedemoed, de Freoneklub, de app Fries Dammen, ûnderskate websiden, en meskien mei ik hjir de toernoaien yn Frjentsjer ek wol neame) hieltyd mear bûten de bewende klubs fan it Dambûn bekend wurdt. Dat is ek bittere needsaak, en ik hoopje tige, dat dy trend trochsette sil. Sil it tal dammers fan it Fryske spul allinnich al op peil bliuwe, dan hawwe wy elk jier in groepke nije minsken en nije gesichten nedich, oars bliuwe wy der net.

As lêste: wy hawwe as Dambûn subsydzje oanfrege by de Provinsje om de mooglikheid te ûntwikkeljen fia de app online mei oare spilers te damjen. As dat slagget, ûntsteane der noch wer hiele nije mooglikheden. As Dambûn sille wy der meiinoar goed oer neitinke moatte, hoe't wy dêr foarm oan jaan wolle, en wat de mooglikheden binne om ek online wedstriden te organisearjen.

Fansels moatte de besteande wedstriden gewoan trochgean. De klubs binne ús basis, mar it damjen as wedstrydsport sil it hawwe moatte fan 'e útwikseling tusken de klubs. Wat dat oanbelanget is it idee fan 'e Fryslân Tsjelke (ik bin mar sa frij om it Fryske wurd te brûken) fan Damklub De Skyfkes in prachtich inisjatyf, dat ik alle súkses tawinskje wol. Mar ek alle oare klubs winskje ik ta, dat se goed besochte wedstriden krije.



As lêste haw ik noch ien plicht dêr't ik my net foarwei wine kin en ek net wol: Piet Sikma en Siebe Walinga te betankjen, dy't as ponghâlder en foarsitter de lêste jierren in ûnbidich stik wurk foar it Fryske damjen ferset hawwe. Sûnder de ynset fan dy beide mannen soe it der mei ús skoandere sport net heal sa fleurich foar stean, en in hiele protte dat wy de ôfrûne tiid altyd mar gewoan fûnen hawwe sy réalisearre. Dan tink ik benammen oan de goeie ferstânhâlding dy't Siebe mei de Provinsje opboud hat oan 'e iene kant, en net minder oan it sikuere behear fan jild en materiaal troch Piet oan 'e oare. Se hawwe, útsoarte mei de oare bestjoersleden en alle oare frijwilligers, in

lytse sport geande holden en nije slinger jûn yn in tiid, dat dat net fansels sprekt. Mar hulde, betankjes en goeie wurden hawwe Siebe en Piet it net foar dien. Se hawwe it dien foar it spul, en dat spul hawwe wy meiinoar op 'e noed.

Liuwe Westra

## WA IS DE NIJE PONGHÂLDER FAN IT DAMBÛN?



Op freed 9 oktober 2015 bin ik tegearre mei Liuwe Westra út Lollum keazen as nij bestjoerslid fan it Dambûn Frysk Spul.

Twa dagen letter krigen de âlde en nije bestjoersleden al in e-mail fan de redaksje fan dit blêd:

*'Dan wol ik de nije bestjoersleden/ foarsitter?/skriuwer? en/as ponghâlder ek freechje om te skriuwen oan de dammers: wa binne jim? wat kinne de dammers fan jim ferwachtsje?'*

We hawwe Folkert en Alie berjocht dien dat se efkes wachtsje moasten op de bestjoersgearnomste fan 28 oktober.

Ien fan de earste punten op de wurklist fan 28 oktober wie it fêststellen fan de taakferdieling binnen it bestjoer. En dêr is útkommen dat ik, Fedde Wiersma, de opfolger bin fan Piet Sikma as ponghâlder.

Ik wenje yn Easterein, bin 59 jier, ha tydlik wurk by it UWV, ha in frou, trije dochters (dy't net mear thús wenje) en twa pakesizzers. Ik bin lid fan de damklup yn Hartwert, myn bertep plak, en sûnt 2003 bestjoerslid fan dy klup, werfân de lêste sân jier foarsitter.

De earste damwedstriid haw ik spile yn desimber 1974, yn in grôftfol sealtsje efter de grifformearde tsjerke yn Lollum. De earste jierren (oant 1982) damde ik allinne sneons, om't ik doe yn Grins en Boelensleane wenne.

Ek yn de jierren 80 wie ik ponghâlder fan it dambûn (ik tink 1982-1988); ik wie yn 1982 de opfolger fan broer Klaas, en dy hat letter myn plak wer ynnaam. Yn dy tiid siet ik yn it bestjoer mei Klaas Westra, Dirk H. de Vries, Willem F. Bakker en Sake Fennema. Hichtepunt fan it jier wie de aaisikersdei by de famylje Bakker yn Himmelum!

Der is sûnt dy tiid in soad feroare; kompjûters en ynternet wiene der net. Dit damblêd waard yn dy tiid úttypt troch in dochter fan Hiele Walinga, dy't yn Parregea wenne. De typemasine waard beskikber steld toch it dambûn!

Yn lettere jierren haw ik ek nochris jierrenlang de redaksje dien fan dit damblêd.

Wat kinne jimme fan my as ponghâlder ferwachtsje?

Yn it foarste plak: der foar soargje dat der rekkens de doar útgeane en dat dy ek betelle wurde, en dat ek de binnenkommende rekkens betelle wurde! Boppedat der op tasjen dat der net mear jild útgiet as dat der ynkomt. Mar dat wurdt de kommende jierren spannend: o/m 2016 komt der noch in soad jild fan de provinsje, mar hoe komt dat fan 2017 ôf? Foarsitter Liuwe Westra en ik sille op 24 novimber nei in gearkomste yn it provinsjehûs om dêr mear oer te hearren. We hâlde jimme op 'e hichte!

Boppedat: it dambûn hat op it stuit gjin haadsponsor; ek dat is lêstich, want wat ha wy (in dambûn mei in werom rinnend oantal leden) in sponsor te bieden? Mar we sille it besykje!

En fierders: in goeie gearwurking mei de Stifting WFD .....

It dambûn hat de ôfrûne jierren, yn gearwurking mei de ferskate damklups, dwaande west mei it organisearjen fan wedstriden, kampioenskippen, de oplieding fan jeugd (ek op skoallen), damdemonstraasjes yn ferskate plakken yn de provinsje, it meitsjen fan damkursussen, dam-boeken ensfh.

De Lollumers (benammen Marten) hiene wat in rommere blik: de kompjûter en ynternet moatte brûkt wurde. It begûn mei it kompjûterprogramma Lusoris en letter de dam app. Beide saken koene ûntwikkele wurde mei stipe fan de provinsje Fryslân.

Mar it gie fierder: grutmastertoernoaien yn Frjentsjer, earst allinne mei dammers Frysk Spul, mar letter ek mei dammers út it ynternasjonale spil. Ek waard yn 2014 de Stifting WFD oprjochte.

We hawwe de lêste jierren prachtige toernoaien hân yn Frensjer, mar somtiden hie ik de yndruk dat it Dambûn net fan alles op 'e hichte wie. Besikers fan de bûnsgearkomsten yn de ôfrûne jierren witte dat ik dêroer myn betinken hie.

De saken dy't de Stifting WFD op priemmen set (en set hat) binne poerbêst, mar we moatte der wol foar soargje dat it Dambûn Frysk Spul en de Stifting WFD op in goeie wize mei elkoar gearwurkje en elkoar net yn 'e tsjillen ride. Ek dêrfoar sil ik my ynsette.

Groetnis, Fedde Wiersma



## **FRYSKE SPORTEN OP ALLE LEGERE SKOALLEN**

(Siebe Walinga, âld-foarsitter Dambûn Frysk Spul)

Woansdei 16 septimber hat de kick-off west fan it Master Plan Fryske Sporten yn de nije iishal yn Ljouwert.

We neame it no net mear Masterplan Fryske Sporten, fanôf no oan hyt dat **fryske sport yn dyn klasse**,

sjoch ek op de hiemside **fryskesportyndynklasse.frl**

Deputearre Schrier hat de ôftraap jûn en stelde ek noch € 2000,- beskikber foar skoallen

dy't har ynskriuwe foar ien fan 'e clinics Fryske Sporten.

By dit barren wiene skoalmasters, juffen en foaral ek buurtsportcoaches útnoege, omdat sy it op 'e skoallen útlizze moate.

It doel is dat alle skoalbern yn Fryslân op hokker wize dan ek yn 'e kunde komme mei de Fryske Sporten.

Tige ambisjeus fansels, mar wol te dwaan!!

It ôfrûne jier ha de wurkgroep en de advysgroep Fryske sporten

ferskate kearen om 'e tafel sitten hoe dit oppakt

en útfiert wurde moast. Dit wie yn gearwurking mei Sport Fryslân .

De Afûk hat foar de bern en de learkreften in kursus makke wat tige nijsgjirrich is, net te drege lêsstof, mei wat

teory, en fansels praktyk. De dam-app is fansels ek in prachtich nij stik ark foar de bern.

De skoallen kinne fia de hiemside **fryskesportyndynklasse.frl**

ynskriuwe op in clinic fan ien fan de Fryske Sporten.

Wy, as dambûn binne fansels tige wiis mei dit projekt, we berikke yn ien klap alle skoalen fan Fryslân!!

De media, sa as Omrop Fryslân hat der rom oandacht oan bestege en wie tige nijsgjirrich nei it Frysk Damjen.

En ek de nagelnije deputearre Schrier wie ree om de spulrigels fan it Frysk damjen te learen.

As earste stiet der no op primmen, om de buurtsportcoaches it Frysk damjen te learen, sa dat sy de skoallen oantriuwe kinne om ek ris it Frysk damjen te besykjen.

De dam-app is ek tige wichtig yn dit barren en dat begripe se by de Profinsje ek.

Sadwaande is it doel om € 10000 beskikber te stellen om de app út te wreidzjen om online tsjinelkoar te damjen.

As ik no hjir yn Aldegea bin, dan kin ik damje tsjin ien út Japan.

We binne der tige wiis mei, want dit kin it Frysk damjen wolris in enoarme boost jaan!

It doel is om hjir yn 2015 al mei te begjinnen en hoopje dat it yn jannewaris beskikber is.

Dat de dam-app in sukses is blykt út it oantal downloads, al mear as 4600 kear!!!

**Sa as jimme lêze is der reuring genôch, mar we moatte it mei syn allen dwaan!**



Yn de nije iishal is deputearre Schrier ien en al ear foar Siebe Walinga. Ek Folkert Groenveld, Siebren Dijk en Marten Walinga lizze belangstellenden út oer it hoe en wat fan de dam app.

## IN ALD DAMBOERD ÚT MAKKUM

Fan mefr. Adri Helfrich fan Rotterdam kaam der in mail oer in âld damboerd. It boerd is 35 sentimeter yn it fjouwerkant en der sit gjin each oan in hoeke om op te hingjen sa't faaks wol it gefal is.

Op it boerd is de namme Otte Sierds Stegenga mei it jiertal 1856 goed te lêzen. Otte Sierds Stegenga kaam fan Makkum en is berne op 18 april 1835. Yn 1888 troude hy foar de



fjirde(!) kear, mei Evertje Drijfhout. Dy Evertje hie al bern út in earder

houlik, ûnder mear Aukje Drijfhout, berne te Frjentsjer yn 1868. Aukje troude letter mei Jurjen Helfrich en sy wienen de oerpake en beppe fan frou Helfrich fan Rotterdam. Sa is it boerd by har bedarre.

Okker 19 septimber wie der in tinksportdei te Rotterdam. Frou Helfrich hat it boerd dêr te keap hawn.

Der wie al in bod fan € 200.



## 4 x 4 DAMTOERNOOI 'DE SKYFKES'

Fries Damclub "De Skyfkes" uit Blauwhuis heeft zaterdag 19 september een groot damtoernooi gehouden met daarin de volgende vier elementen:

- viering van het 40-jarig bestaan
- organiseren van een damwedstrijd voor keten
- tijd voor een nieuwe damstunt (na bijv. het Beachdammen en Dammen op de Dam)
- ledenwerving om het aantal competitiespelers te vergroten

Er werden daarom in juni zo'n 300 uitnodigingen verstuurd naar leden en oud-leden met de vraag om een team van 4 spelers te vormen. Ook werden in de zomervakantie bijna alle keten benaderd om alvast te oefenen voor de keten-competitie, ook met teams van 4 spelers. Deze combinatie bracht zaterdag 19 september liefst 16 teams (64 spelers!) op de been om in clubhuis SieSa tegen elkaar te dammen. Daaronder waren 5 keet-teams, een Walinga-team (met familieleden van mede-oprichter Hiele Walinga) en een team van damveteranen met o.a. Toon Popma, Ernst Halley en John Weel.



De teams werden om 14:00 uur binnengehaald met koffie en damgebak (beschikbaar gesteld door Bakkerij Popma) waarna de voorzitter iedereen welkom heette, met een speciaal welkom voor de ereleden Toon Popma, Jan Bekema en Evert Yntema.

Om 15:00 uur verrichte Toon Popma de symbolische eerste zet en barstte de strijd los met de eerste van zeven rondes dammen met elk 10 minuten op de klok. Al heel snel steeg de temperatuur in het bomvolle SieSa naar ongekende hoogte en bij elke wisseling van wedstrijd ontstond er een soort van stoelendans om het goeie dambord weer te vinden. Zo tegen zes uur werd duidelijk wie het beste damteam had en dat bleek bij de keten 'it Dreamdamteam' te zijn dat het herenteam van keet 'de Kie' achter zich liet. De poedelprijs was voor de keet 'fan Piet' met één



gelijkspel. De prijswinnaars verdienden een luxe Fries broodpakket, beschikbaar gesteld door Handelsonderneming Jappie Zeinstra. Bij de damteams ging de strijd tussen het Walinga-team en De Lounge en met een halve punt verschil werd De Lounge winnaar van dit toernooi. De Poedelprijs ging hier naar 'de Flappers'. De totale uitslag was als volgt:

1.	Keet de Lounge	6½ punten	
2.	Het Walinga-team	6 punten	
3.	De Orakels	5 punten	
4.	De Rún fan't Plak	4½ punten	
5.	De Wybkema's	4 punten	
6.	Dikke Koppen-team	4 punten	
7.	De Poppies	3½ punten	
8.	It Dreamdamteam	3½ punten	winnaar keten
9.	De Jonge Mannen	3½ punten	
10.	Old Stars	3½ punten	
11.	A-team	3½ punten	
12.	De Flappers	2½ punten	poedelprijs damteams tweede prijs keten
13.	Keet de Kie (heren)	2½ punten	
14.	De Ramdammers	1½ punten	
15.	Keet de Kie (dames)	1½ punten	
16.	Keet fan Piet	½ punt	poedelprijs keten

Na de prijsuitreiking kon iedereen meteen op de BBQ aanvallen en werd er nog tot in de vroege uurtjes nagepraat en geborreld. Een zeer geslaagde avond waarin veel mensen (weer) kennis konden nemen van onze Fries damsport. Zie ook [www.de\\_skyfkes.nl](http://www.de_skyfkes.nl)

## FRYSK DAMJEN YN DE HOMMERTS EN JUTRYP

Yn july, flak foar de fakânsje, waard oan de van Haersma Buma skoalle yn De Hommerts al wer foar de sawnde kear it kampioenskip ferdamd. Ramon Raap fan Jutryp wûn alle seis partijen en is o'sa bliid mei de wandelbeker. Yn it Frysk damwrâldsje is de namme



Raap net alhiel ûnbekend. Bert Veltman waard twads en Michelle Hoekstra wûn yn de barraazjeom it tredde plak nei in prachtige partij fan Aizo Veltman. Efter stiet spullieder Folkert Groenveld.

# **NIJS FAN DE STIFTING WFD, WEDSTRIDEN YN TRESOAR**

## 1) Wedstriden FRYSK! foar basisskoallen

10 en 11 desimber 2015, kampioenskip FRYSK! foar bern fan basisskoallen

Alle basisskoallen yn Fryslân hawwe fia Sport Fryslân in útnoeging krigen foar in wedstryd op Tresoar op 10 en 11 desimber. It giet om in toernoai FRYSK!, dus fiif tsjin fiif houtsjes.

It is de bedoeling dat safolle mooglik skoallen meidogge. Omdat nochal wat dammers yn har frije oeren damles jouwe op basisskoallen, wolle wy elkenien freegje om ek fia dy wei te besykjen safolle mooglik bern nei dat toernoai ta te krijen. Dat kin fansels allinnich as de skoallen dêr sels ek oan meiwurkje: de skoallen moatte har opjaan, ferfier sil mei frijwilligers barre moatte, Tresoar biedt ûnderdak, en de Stifting WFD organisearret de wedstryd.

Yn prinsipe is it de bedoeling dat de bern fan in skoalle ien deidiel nei Tresoar ta komme. Der binne fjouwer deidielen dat der spile wurdt: tongersdeitemoarn, tongersdeitemiddei, freedtemoarn en freedtemiddei. Op tongersdeitemoarn, tongersdeitemiddei en freedtemoarn wurde in tal omlopen spile. Elk deidiel hat in tal yndividúele priiswinners en in priis foar de bêste skoalle. De bêste spilers en de bêste skoallen spylje dan noch in kear in finale op freedtemiddei.

De krekte tiden wurde noch bekend makke, mar elk dy't konneksjes hat mei in basisskoalle: meitsje hjir reklame foar, en besykje de skoallen safier te krijen dat se meidogge!

Mear ynformaasje komt op [www.frysk.info](http://www.frysk.info).

## 2) Iepen kampioenskip FRYSK!

Op snein 27 desimber wurdt der ek op Tresoar in iepen kampioenskip FRYSK! holden, dus fiif tsjin fiif houtsjes. De minsken dy't it heechste einigje op dy wedstryd, binne wis fan in plakje yn it earste offisjele Wrâldkampioenskip FRYSK!, dat holden wurde sil op snein 20 maart 2016, oanslutend op it Grutmastertoernoai te Frjentsjer.

Dizze winter wurde der yn ferskate lannen kampioenskippen FRYSK! holden. De winners kinne meidwaan yn Frjentsjer. Ek de dielnimmers oan it Fryslân Iepen yn Frjentsjer hawwe de kâns om har te pleatsen foar it Wrâldkampioenskip; dielnimmers oan it Grutmastertoernoai (de finale fan it Fryslân Iepen) dogge sowieso mei.

It Wrâldkampioenskip FRYSK! wurdt it earste offisjele wrâldkampioenskip damjen neffens de regels fan it Fryske spul, en is in oanrin nei it Wrâldkampioenskip Frysk Damjen dat ûnderdiel wurde moat fan it projekt Kulturele Haadstêd yn 2018.

De organisaasje is yn hannen fan 'e Stifting WFD; fasiliteiten foar it toernoai op 27 desimber wurde oanbean troch Tresoar yn it ramt fan 'e útstalling ZAMMA - DAMAS - DAMJE! It ferhaal fan it damjen yn Fryslân en de wrâld. Jo kinne it toernoai kombinearje mei in besite oan 'e útstalling.

Mear ynformaasje komt op [www.frysk.ynfo](http://www.frysk.ynfo).

### 3) Alle dammers nei Tresoar - útstalling oer it damjen yn Fryslân

In goed jier lyn krigen wy, Marten en Liuwe, in útnoeging fan Tresoar. Tresoar is de ynstelling foar Fryske taal en kultuer yn Ljouwert, en se woene graach in útstalling hâlde oer it damjen yn Fryslân. Oanlieding: Tresoar is oanwiisd as de 'steunpuntbibliotheek' foar hiel Nederlân op it mêd fan tinksporten. De wittenskiplike bibleteken fan Nederlân ferdiele de ûnderwerpen dêr't se op samlje ûnder elkoar. Foar it hiele lân is no ôfpraat, dat Tresoar it plak is foar boeken en oar materiaal oer tinksporten.

Wy binne frege op persoanlike titels, mei in tal oare dammers, beoefeners fan it ynternasjonale spul. Nei ynliedende petearen waard besletten om in wurkgroep yn te stellen fan meiwurkers fan Tresoar oan 'e iene kant en wy twaen as dammers oan 'e oare kant. Wy sieten dêr dus op útnoeging fan Tresoar en op persoanlike titel, net út namme fan in klub, stifting of bûn. Us opdracht wie om mei de minsken fan Tresoar in útstalling ta te rieden.

Dat is slagge. Jim kinne no de skiednis fan it damjen yn it algemien folgje fan it alderearste begjin ôf yn it sân fan 'e Sahara, oant en mei de nijste ûntjouwings. Dêrby hawwe wy besocht om in pear dingen sjen te litten:

- 1) it ûntstean fan it Fryske damjen as ien fan 'e safolle farianten fan 'e damsport
- 2) de rol fan it Fryske damjen by it ûntstean fan it ynternasjonale damjen
- 3) it sintrale plak dat Fryslân jierrenlang hân hat op it mêd fan it damjen
- 4) de mooglikheid dy't Fryske damjen yn him hat om it damjen ynternasjonaal in stap fierder te helpen as wedstrydsport

Op 'e útstalling krije jim it hiele ferhaal yn tsien stappen te sjen. Der binne âlde damboeken út ferskillende lannen (mei it alderâldste damdiagram út 'e 13de ieu, dat wy earder al ris ûntdutsen hiene), âlde buorden (mei it alderâldste damboerd mei 100 fjilden út 1696, dat foar it earst yn Fryslân te besjen is), foto's fan dammers, útspraken, prizen en ferhalen. It materiaal komt út muséa en bibleteken, út it argyf fan it

Dambûn Frysk Spul en út partikuliere kolleksjes. It is in unike samling wurden, dy't werskynlik mar ien kear te sjen wêze sil. De útstalling is iepene op freed 13 novimber troch deputearre fan ûnder oare kultuer en KH2018 Sietske Poepjes, en sil te sjen wêze oant en mei 17 jannewaris 2016 ûnder iepeningstiden fan Tresoar. De tagong is fergees. It bestjoer fan 'e Stifting WFD: Marten Walinga en Liuwe Westra

## **FOEKE TIEMENSMA WINT ZILWO-BEKER**

Foeke Tiemensma hat 10 pt. garre foar de Zilwo-beker. Dat is de priis foar de bêste seizoensprestaasje. Earste en twadde prizen op dammerijen smite twa as ien punt op. En by it PK is in earste plak 4 pt. wurdich, it twadde 3 pt. ensfh. Teake Kooistra helle 9 pt. en Willem Schaap kaam op 8 pt. út. Foeke hie oan it begjin fan it damjier in grutte ambysje: alle dammerijen soe er winne! Dat slagge net, mar mei it winnen fan de Zilwo-beker is wer dúdlik makke dat it Frysk damjen der in nije topper by hat.





## **DAMJEN YN WOMMELS** (Jelle Wiersma)

Op de slotjûn fan it Frysk damjen te Wommels wie der fluchdamjen. Jelle Wiersma hat it dêr al moai oan 'e gong. Dit lêst de redaksje fan de Wommelser webside helle.

Gewoanwei soe der om damt wurde mar omdat diz' kear ek twa froulju, Pieteke de Boer en Margriet Andringa, der by sieten ha se it foar de foto mar sa hâlden. De topper Murk Nijdam hie miskien wat lêst fan de froulju mar stie eintsje beslút dochs op it heechste plakje. De grutte beker wie oanbean troch Anne Brouwer fan Cafe Jimbar, in noflik plak wêr 't se dit seizoen damd ha. Oar jier sil der wer damd wurde. Yn september starte de Fryske Dammers mei in kursus.


Hjir ûnder sjogge jim Murk Nijdam mei 'de beker mei de grutte earen'.



Woansdeitejûn 28 oktober wie de twadde damjûn fan it seizoen yn Wommels. Der wiene wer njoggen dammers, wêrfan no trije nije dammers. Der misten nogal wat dammers fanwege oare ferplichtingen, mar letter op de jûn skowden der noch wol twa oan. As we de folgende kear kompleet binne dan binne der sa'n 16 dammers oanwêzich yn de Jimbar. Ik hoopje dit seizoen in kear 20 dammers op in jûn te begroetsjen.

It programma is earst wat útliz fan de teory wernei de dammers úteinsette om in oantal partijtsjes te skowen. Der wurdt al leuk damd en praat ûnder it genot fan in bakje en letter in drankje. It binne gesellige jûnen. De folgjende kear is op woansdei 25 novimber.

Ein desimber sille we dan in damwedstriid halde foar de Wommelsers. Hjirûnder noch twa partijstantsjes




Foar betûfte dammers is dit net sa dreech, mar foar begjanners is it kombinearen noch net sa maklik.

Wyt komt foar en wint troch

**25-20 10\*30 35\*22 12\*41 47\*16**

En dat is dan dochs goed sjoen.



Swart hat oerwicht mar it is net maklik. De party ferrûn sa. **6-1 8-3 1-23** om skiif 10 oan te fallen mar sjocht net dat swart slaan kin fia de daam op 3 en ferliest.

Mei de dammers ha we dit stantsje noch efkes trochnommen. Hoe wint swart nei 6-1 ? De oplossing waard fûn fia 8-35, mearslach giet foar 1\*46 en dan 35\*5 en wint.

Swart spile lykswols 3-8, hoe kin wyt no winne ? Fia 25-20, daamslach giet foar, dus 3\*25 1\*45 en wint.

Yn sa'n stantsje komme de measte rigels fan it Fryske damjen nei

foaren. Moai om te sjen hoe se hjir mei omstoeie.

## WEDSTRIIDLIST DAMBÛN FRYSK SPUL 2015-2016

30-10 Z	14 <sup>e</sup> 'Iepen Kampioenskip fan Sânfurd', Switsersk systeem, 6 omlopen.	kampearbuorkerij Ykema oanfang 20.00 oere, opjaan foarôf net nedich, wol mooglik by Folkert Groenveld 0515-424517
3-11 en 10-11 Z	Jorwert, Iepen Kampioenskip fan Littenseradiel $\frac{3}{4}$ oere op de klok	Opjaan by Willem Dijkstra 06-28655441 oanfang 19.30 oere
14-11	Bûnswedstryd jeugd, pupillen	oanfang 13.30; opjaan by Liuwe Westra <a href="mailto:liuwe.westra@mensa.nl">liuwe.westra@mensa.nl</a> 0517-469245
20-11	Jorwert. Miniklup-fluchdam-kampioenskippen foar 4-tallen. 15 min. op de klok	Opjaan foar 21.00 op woansdei 18 novimber by W.Dijkstra 06-28655441. Kafee 'Wapen van Baarderadeel'; oanfang 19.30 oere
24-11	Aldereinpartij yn it Teatskehûs	Opjaan by Piet Sikma moandei 23 novimber foar 19.00 0515-569561 oanfang 13.30 oere
27-11 Z	Rûge Wolf "it Rûge Boerd" Stryk-ta-party 30 minuten op 'e klok plus 10 sek. de set. Doarpsheûs de Nije Haven	Opjaan bij Marten Walinga <a href="mailto:martenwalinga@hotmail.com">martenwalinga@hotmail.com</a> till. 06-34561133 oanfang: 20:00 oere
10-12 en 11-12	Iepen wedstriid FRYSK foar Skoalbern yn Tresoar Oanfang 9:30 en 13:00 oere	Opjaan bij Marten Walinga <a href="mailto:martenwalinga@hotmail.com">martenwalinga@hotmail.com</a> till. 06-34561133
11-12 Z	Skearnegoutum, 19.00 oere It Swettehûs, 'stryk ta'-wedstriid	Opjaan tongersdei 10 des. 19.30-21.00 by Y.Boelens 0518-451795 of via meel <a href="mailto:twilling@kpnplanet.nl">twilling@kpnplanet.nl</a>
...-12	Foarronde pers. kamp. jeugd en pupillen Lollum	oanfang 13.30 oere opjaan Liuwe Westra <a href="mailto:liuwe.westra@mensa.nl">liuwe.westra@mensa.nl</a>
19-12 Z	Kampioenskippen Haadklasse A en 1e-, 2e- 3e klasse; wedstriid eareklasse	Opjaan foar 16 desimber by Siebe Walinga <a href="mailto:info@siebewalinga.nl">info@siebewalinga.nl</a> Oanfang 10.00 yn It Beaken yn Aldegea
27 as 28-12	Kwalifikaasjewedstriid FRYSK yn Tresoar Ljouwert Webside: <a href="http://www.frysk.info.nl">www.frysk.info.nl</a>	Opjaan bij Marten Walinga <a href="mailto:martenwalinga@hotmail.com">martenwalinga@hotmail.com</a> till. 06-34561133

2-1 Z	Hartwert 'It Terphûs' Oanfang 10.00	opj. by Klaas Abma 0515-569747 <a href="mailto:damclubhartwert@live.nl">damclubhartwert@live.nl</a>
9-1	Foarronde kampioenskip Jeugd en pupillen Lollum	Opjaan bij Liuwe Westra <a href="mailto:liuwe.westra@mensa.nl">liuwe.westra@mensa.nl</a>
16-1	Easterein: klupkampioenskippen	opj. foar 9 jan. by Siebe Walinga <a href="mailto:info@siebewalinga.nl">info@siebewalinga.nl</a> Kafee Bergsma 9.30 oere
29-1 Z	Blauhús 'stryk ta'-wedstriid 19.00 yn Klubhûs Sie Sa	Opj. tongersdei 28-01 fan 19.00 – 21.00 by B. Kroon 06-22684264 as <a href="mailto:b.h.kroon@hotmail.com">b.h.kroon@hotmail.com</a>
6-2	1-e en 2-e omloop P.K.	It Centrum Boalsert Gasthuissingel 33 10 oere
9-2	trede omloop P.K. 19.30	Wapen van Baarderadeel, Jorwert 058-2159223
13-2	4-e en 5-e omloop P.K	It Swettehûs Skearnegoutum oanfang 10:00 oere
...-2	Foarronde p.k. jeugd en pupillen	Oanfang 13.30 ynformaasje by Liuwe Westra
20-2 Z	Finale P.K. manlju, kampioenskip froulju	It Joo, Aldegea 10 oere ek finale jeugd en pupillen
5-3 Z	Lollum efter de grifformeerde tsjerke. Oanfang 10:00 oere	Opjaan bij Marten Walinga <a href="mailto:martenwalinga@hotmail.com">martenwalinga@hotmail.com</a> till. 06-34561133
11-3 Z	Fluchdamkampioenskip neffens Switsersk systeem	It Swettehûs, Skearnegoutum, 19.15 oere Opjaan net nedich.
15-18 maart	Fryslan iepen	<a href="http://www.frisiandraughts.com">www.frisiandraughts.com</a>
18-19 maart	Grutmastertoernoai en WK FRYSK	<a href="http://www.frisiandraughts.com">www.frisiandraughts.com</a>
12-4	Aldereinparty 55+ yn Teatskehûs Blauhús	opjaan by Piet Sikma till. 0515-569561 foar tiisdei, oanfang 13.30 oere

Foar fragen, skilje Liuwe Westra 0517-469245 of meel  
[voorzitter@friesdammen.nl](mailto:voorzitter@friesdammen.nl) Opjaan wedstriden jeugd, en pupillen ek by  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl) Z : telt mei foar de Zilwo Beker

## GERRIT SCHILSTRA WINT LEDDERWEDTRIJD

Yn it damseizoen is der om 'e wike in rubryk Frysk damjen yn it Frysk Deiblêd te lêzen. Dy wurdt ek publisearre op it webstek fan it dambûn, [www.friesdammen.nl](http://www.friesdammen.nl). Korrekte oplossings fan de problemen smite twa punten op foar de ledderwedstriid. Oan de ein fan it jier hat dyjinge dy't op de heechste trime stiet wûn. En moat dan yn it nije jier wer ûnderoan begjinne. De útslach wie 1.Gerrit Schilstra, Boalsert(221); 2.Jelle Wiersma, Wommels(188); 3.Gosse Harkema, Snits(169); 4. Tjipke Smedinga, It Hearrenfean(151); 5.Pieter Looge, Tsjummearum(138); 6.Gerrit Tigchelaar, Ysbrechtum(136); 7.Sjouke Schilstra, Lollum(132); 8.Jan Schilstra, Boalsert(108); 9.Sake van Steinvoren, Dronryp(96); 10.Arend de Schiffart, Wommels(84); 11.Klaas Wiersma, Nij Beets(80); 12.Johan de Boer, Berkel en Rodenrijs(60); 13.Sietse de Boer, Burdaard(32); 14.Fedde Wiersma, Easterein(16); 15.Bernard Kroon, Blauhús(12); 16.Sjoerd Couperus, Snits (10); 17. John Reade, Manchester(8);



Gerrit Schilstra kriget de priis fan rubryk skriuwer Folkert Groenveld.

## FRAGMINTEN NOCHT&KRIICH

(Folkert Groenveld)

Op de earste klupjûn setten Siebe Walinga (wyt) en Folkert Groenveld der in moai spul op. En ek by it Fryske Spul is it sa at gjin ien fan beiden flaters makket, wurdt it kamp. **1.31-26 20-25 2.37-31 14-20 3.32-27 17\*37 4.41\*32 12-17 5.46-41 7-12 6.41-37 1-7 7.31-27 17-21 8.26\*17 11\*31 9.37\*26 16-21 10.26\*17 18\*16**

Oant safier bekinde téory. 11.34-30 as 42-37 is neat mis mei. **11.36-31 16-21 12.31\*11 7\*16 13.32-27 19-24 14.34\*14 10\*19 15.40-34 16-21** Swart stiet net ta dat wyt oerders ôfruiet. **16.27\*16 6\*26 17.33-29 19-24 18.34\*14 4\*33**

Earst 43x23 hie ek kind.


**19.38\*29 13-19 20.42-37 19-24** Is 12-18 better? **21.39-34 24\*33 22.34\*32 20-24 23.43-38 12-18 24.44-39**

No driget 37-32 en dan 39-33 en swart kin troch 49 (as 48)-43 it heakje 45-40 yn it spul bringe.

**24. ...18-22 25.32\*12 8\*17 26.39-34 24\*44 27.50\*39 9-13 28.48-43 13-19 29.39-34 19-24**


Swart kin noch krekt romte meitsje oan de linkerkant.

**30.34\*14 15\*13 31.35\*15 5\*25**




De fariant **31.38-33 2-7 32.33-28** (driget 28-23) **13-19 33.39-34 x 34. x x 35.28-22 x 36.37-31 x 37.x29 7-12 38.29-23 12-17** wurdt kamp **32.43-39 25-30 33.39-34 30\*39 34.38\*40 3-9 35.40-34 17-22 36.34-29 22-27 37.37\*17 2-7 38.17-11 7\*16**

En no is ek de rjochterkant frij.



39.29-24 16-21 40.24-20 21-27 41.20-15 9-14 42.45-40 37-31 43.40-34  
 31-37 44. x x 45.34-30 28-32 46.30-24 x 47.15-10 32-37 48.10-4 13-  
 19 49. x 44 37-41 is kamp. **39.49-43 13-19** No moat swart der wol  
 ûnder, der driget 29-23. **40.43-39 16-21 41.45-40 21-27 42.40-35** Dit  
 wienen ferplichte setten foar wyt en swart.



44. ...26-31 45.24-20 31-36 46.20-15 32-37 47. x 36-41 48.27-21 (15-  
 10? om 41-47) 41-46 49.21-17 46-5 as 46-28 is ek wer kamp, lykas nei  
 48. ...41-47 49.21-16 47-24 50.39-33  
**42. ...27-32 43.29-24 19\*30 44.35\*24 32-37 45.47\*27 26\*28 46.24-20**  
**28-32 47.20-15 32-37 48.15-10 9-14 49.10\*19 37-42 50.19-14 kamp.**

## **EARSTE DAMMERIJ 55+**

(Piet Sikma)

Op 13 oktober wie de earste dammerij foar de 55-plussers. Mei 15 dammers wie der in moaie opkomst. Dat de dammers der nocht oan hienen, die wol bliken út de fûle striid efter de buorden. Mar it bleau in plezierige dammerij. En de minsken fan Teatskehús yn Blauhús pasten mei de catering goed op harren gasten. Nei krapoan fjouwer oeren damjen koe om fiif oere de folgjende útslach optekene wurden.:

Gr. 1 Sjoerd Couperus 2 pt.  
Sjoerd Jan Bakker 2 pt.  
Fedde Wiersma 1 pt.  
Bauke Dijkstra 1 pt.

Gr. 3 Sjouke Schilstra 1 pt.  
Rients Wijnia 2 pt.  
Klaas vd Goot 3 pt.  
Henny de Haan 0 pt.

Gr. 2 Bauke de Boer 1 pt.  
Klaas Wiersma 1 pt.  
Gerrit Schilstra 3 pt.  
Piet Sikma 1 pt.

Gr. 4 Jan Nauta 2 pt.  
Sietse Sieswerda 1 pt.  
Gert Jan vd Kamp 3 pt.  
Hjir troffen se elkoar twa kear.

## **MICHELE BORGHETTI, KREKT IN REKLAMEBOERD!**

(Fedde Wiersma)

Op woansdei 21 oktober waard in Bacoli (dat leit by Napels yn de buurt) it iepen Europeesk kampioenskip Rapid-damjen (15 minuten + 5 tellen per set) hâlden. Yn de froulju's groep wiene der 18 dielnimmers en yn de manlju's groep 30. De manlju spilen 8 partijen folgens it Switsersk systeem. Ien fan de dielnimmers wie Michele Borghetti. Dizze lytse, mar tige brede Italiaan wie yn maart ek in Frensjer by it Fryslân Open 2015. Mei it Frysk haw ik doe fan him ferlern.

Michele koe by it EK Rapid goed meikomme: hy einige op in diel 5<sup>e</sup> o/m 10<sup>e</sup> plak mei 10 punten út 8 partijen. De nummers 1, 2 en 3 fan it EK Rapid yn Bacoli wiene yn maart ek yn Frensjer: Shvartsman(12), Valneris(11) en Georgiev(11).





Borghetti is in dammer dy't opfalt; yn Frentsjer wie hy de iennichste dammer dy't omstapte yn in trainingspak mei in soad reklame. Ek yn Bacoli foel hy op, net allinne troch syn moaie diel 5e plak, mar ek om't hy syn 10 punten helle troch 5 kear te winnen en 3 kear te ferliezen. Dus gjin kampspullen foar Michele en dat is hiel bysûnder yn it ynternasjonale spul. Blykber is it 'alles of niets' by Michele!




Mar ek yn Bacoli wie hy de iennichste dammer mei in soad reklame op de klean. De bygeande foto's binne fan Giacomo Lucci, dy't ik krigen ha fia myn nije Facebook-freondinne Aya Kychkina. Soene dammers as Foeke Tiemensma en Pieter

Hoogterp de kommende winter ek sa efter it boerd komme?




## FRYSLÂN IEPEN 2015

(Tjalling Goedemoed)



### Taeke Kooistra – Tjalling Goedemoed 25-03-2015

Taeke speelde hier **19.38-32?** Waarna ik gedurende meer dan tien minuten in de denktank ging. De zetten hiervoor had ik vlot afgegeven, maar ik vond de stand na 38-32 verdacht. 'It smelled a bit too fishy.' Na een lange denkpauze vervolgde ik explosief met: **19... 6-11! 20.26x6 17-22 21.6x28 18x29 22.34x23 19x46** en beduusd gaf Taeke het op, echter nog steeds goedgehumtst en ik ontving hartelijke complimenten. Kijk, dat is een groot sportman. Ik had anderhalf jaar niet meer Fries gedamd, dus ik was zelf natuurlijk in mijn nopjes.



### Taeke Kooistra – Hein de Vries

Grutmastertoernooi 28-03-2015

Deze stand ontstond in een barragepartij tussen Taeke Kooistra en Hein de Vries met versneld tempo. Ik heb de leerzame stand geanalyseerd en laat hier een leuke vondst zien.

Zwart ging op dit moment in de fout: **29... 17-22? 30.32x12 11x13**


Omhoog slaan met 30... 2x22 ging niet wegens 31.35-30 25x34 44x2 W+. **31.42-37** De schijf op <13> staat onhandig opgesteld. Hij loopt de andere schijven voor de voeten. Zwart kan geen 13-19 of 14-19 spelen vanwege 35-30. 31... 13-18 32.37-31 loopt ook niet goed af voor zwart: 18-22\* 33.48-43 14-20 34.35-30! 25x34 35.44x24 20x29 36.43-39 29x49 37.26-21! 49x35 38.45x5 16x27 39.31-26 W+ **31... 14-20 32.37-31 3-9 33.48-43!**

Zwart heeft geen afdoende verweer tegen de dreiging 35-30x24 gevolgd door 43-39 en 45x5 +.


**33... 25-30** 33... 2-7 34.35-30 25x34 35.44x24 20x29 36.43-39 29x49 37.26-21 49x35 38.45x5 16x27 39.31x22 W+ **33... 20-24 34.40-34**

**34.35x24 20x29 35.31-27** De wilde schijf op <29? Sneuvelt. Na nog enkele zetten kon zwart opgeven: 35... 29-34 36.44x24 2-7 37.40-35 7-11 38.35-30 13-18 39.30-25 15x35 40.45x25 **(1-0)**.


In de diagramstand zitten enkele fraaie mogelijkheden verborgen. Zwart kan bijvoorbeeld een lokzet plaatsten die evenwel niet goed is. 29... 17-21 30.26x17 11x22 31.32x12 2x22



Wit mag de 1 om 3 naar dam niet nemen. Na 32.35-30 25x34 33.44x2 ontstaat een pikante situatie.



Niet correct is nu 33... 16-21? 34.2x16 6x46 35.48-43!



Op de volgende zet (als zwart zijn dam niet weggeeft) volgt altijd 42-37 +. Zwart moet daarom (in het vorige diagram, na de damzet) zijn vrije zet benutten met 33... 15-20! 34.2x32 16-21 35.32x16 6x46 46.48-43 (op 42-37 slaat zwart 46x30) 20-25! en zwart wint.

## LOTING EARSTE OMLOOP FRYSLÂN KUP

De Blauhúster damklup 'De Skyfkes' hat in nije striid op priemen set. Se neame it de Fryslân Kup. It is lykas de KNVB-beker by it fuotbaljen in knock-out toernooi. En de lotting wiest út wa't thús spilet as by in oare klup op besite moat. Bûnsskriuwer Siebren Dijk kaam de eare ta de earste lotting te dwaan. Jim sjogge him hjir dwaande mei de kokerkes yn it tobke. Michiel Zeinstra fan de Blauhúster klup hâldt tafersjoch. Leo Altena en Jappie de Jong hâlde administraasje en ûnôfhinlik waarnimmer Beke Haanstra sjocht ta. Jim lêze bygeand de útslach fan de lotting, De wedstriden wurde yn novimber spile. En nei alle gedachten sil swarte Pyt de twadde omloop ferlotsje.



Bauke Bos	Pieter Hoogterp
Liuwe Westra	Willem Schaap
Tjerk Wybinga	Piet Sikma
Jappie de Jong	Folkert Groenveld
Cor Kooistra	Leo Altena
Epke Bootsma	<i>Johannes Hoekstra</i>
Dicky van der Meer	Jelle Wiersma
Klaas Wiersma	Marcel Altena
Fedde Wiersma	Willem Hoekstra
Hein de Vries	<i>Piet van der Wal</i>
Bauke Diekstra	Bernard Kroon
Siebe Walinga	Manfred de Wolff
Teake Kooistra	Michiel Zeinstra

## FOEKE TIEMENSMA 14-e KAMPIOEN SÂNFURD




Foeke Tiemensma fan Frjentsjer waard freed 30 oktober de nije kampioen Frysk damjen fan Sânfurd. Allinne tsjin Blauhúster Manfred de Wolff moast er in kampspul ta stean. Folkert Groenveld kaam noch wol hiel tichteby, mar moast it yn it ûnderlinge spul

ôflizze. Op de foto oerlanget hy de wikselbeker oan Tiemensma. Aldegeaster Rein Jan Walinga hie it dizze jûn ek op de heupen. En einige as A-dammer op in kreas fiifde plak op de einlist. Lyk efter Willem Schaap dy't wer hielendal werom is oan de top fan it Frysk damjen. No folget de einútslach mei de priiswinners yn de groepen E(Eareklasse), A(Haadklasse A), 1-e, 2-e en 3-e klasse en ek it plak op de einlist. 1.Foeke Tiemensma, Frjentsjer 5,5 pt.(E-1); 2.Folkert Groenveld, Jutryp 5 pt.(E-2); 3.Manfred de Wolff, Blauhús 4,5 pt.(A-1); 4.Willem Schaap, Dearsum 4,5 pt.(E-3); 5.Rein-Jan Walinga, Aldegea 4,5 pt.(A-2); 6.Tjerk Wijbinga, Arum 4,5 pt.(E-4); 7.Siebe Walinga, Aldegea 4 pt.(E-5); 8.Pieter Hoogterp, De Gaastmar 4 pt.(E-6); 9.Bauke Dijkstra, De Tynje 4 pt.(A-3); 10.Dicky v.d.Meer, Terherne 4 pt.(A-4); 11.Willem Hoekstra, Aldgea 3,5 pt.(A-5); 12.Bernard Kroon, Blauhús 3,5 pt.(A-6); 13.Beke Haanstra, Aldegea 3,5 pt.(2-1); 14.Bauke Bos, Sint Nyk 3 pt.(1-1);15.Sjouke Attema, De Gaastmar 3 pt.(2-2); 16.Jan Nauta, Bitgummole 3 pt.(1-2); 17.Jappie de Jong, Blauhús 3 pt.(A-7); 18.Leo Altena, Dedzjum 3 pt.(A-8); 19.Folkert Attema, Ysbrechtum 3pt.(1-3); 20.Paul Borghaerts, Easterein 3 pt.(3-1); 21.Marcel Altena, Blauhús 2,5 pt.(1-4); 22.Piet Sikma, Hartwert 2,5 pt.(1-5); 23.Epke Bootsma, Blauhús 2,5 pt.(1-6); 24.Minne Posthuma, Aldegea 2,5 pt.(3-2); 25.Johannes Hoekstra, Aldegea 2 pt.(2-3); 26.Siebren Dijk, Jorwert 2 pt.(1-7); 27.Piet Hoekstra, Aldegea 2 pt.(2-4); 28.Klaas Weerstra, Sânfurd 2pt. (3-3); 29.Jeljer Westra, Lollum 2 pt.(3-4); 30.Michiel Zeinstra, Blauhús 2 pt.(1-8); 31.Jolke Groenveld, Sânfurd 2 pt.(2-5); 32.Siebren Reitsma, Sânfurd 2 pt.(3-5); 33.Meindert Ykema, Sânfurd 2 pt.(3-6); 34. Mr.X 0 pt.

## PARTIJSTANTSJES ÚT SKEARNEGOUTUM

(Jelle Wiersma)

Diz' kear mar twa stantsjes út Skearnegoutum. Beide kearen spilet Bauke de Boer de haadrol. Dizze nestor hat mear as 80 jier damûnderfining. It earste stantsje is út de partij tsjin Tsjerk Wiersma.



De Boer kin allermachtigst rap strike. En yn de partijstân stie er mei wyt op winst en wie yn gedachten al wer op wie nei hûs. De partij ferrûn sa.


**1.29-23** skiif 23 komt no wol fier te stean en swart krijt in oanfal fia 14-19. **1. ... 08-12 2.47-41 12-17 3.41-37 14-19 4.23\*14 04\*35 5.45\*25 17-22** swart ruilet ôf om dernei mei de lêste skiif nei de daam te rinnen.

**6.25-20 22-28 7.20-14 28-33 8.14-10**

**33-39 9.10-05 39-44 10.37-31 44-50 11.05-46 50-22 12.31-26 22-36** hjir makket swart dan in foutsje, sa is skiif 26 net mear te kearen **13.26-21 36-13 14.21-17 13-31 15.17-12 31-09 16.46-05 09-27 17.12-07 27-16 18.07-01 16-27 19.01-12 27-16 20.12-07 16\*02 21.05\*01** en wyt wint. It twadde stantsje spilet De Boer mei wyt tsjin Rients Wynia.

Wynia stiet better mar de Boer kin yn dizze stân kamp behelje.

Fia 38-33, 23\*43, 34-30, 25\*34, 26-21, 16\*27, 41-37, 27\*47, 46\*30 en kamp moat mooglik wêze. De partij ferrûn oars.



De Boer spilet **41-37**. Wynia hat net hielendal yn 'e gaten hoe goed syn stân is. Hy spilet **23-29, 34\*23, 7-12**. It idee is om no my skiif 25 troch te brekken en skiif 23 fan wyt te kearen mei skiif 12. De Boer hat noch in grapke efter de hân. **37-31 !** Wynia wol no rinne nei daam **25-30** mar sjocht de driging net **23-18, 12\*23, 26-21, 16\*27, 31\*35** en De Boer wint. Moai útspile.

## MEI JALOERSKE BLIKKEN SJEN....

Sa no en dan sjogge jo wol ris in foto fan ien of oare tinksport mei in hiele protte dielnimmers derop. Op sa'n stuit as ik dat sjoch bekrûpt my in jaloersk gefoel en tink ik: "Wêrom noait ris sa'n oantal spilers by ús moaie Fryske spul". By ús bliuwt it altiten mar op itselde oantal. Lêstendeis stie der in foto yn de Snitser mei tafels fol mei bridgers. "ja toe mar" tink ik dan, "sy wol, mar wy net!"

Yn de ein tachtiger jierren organisearren De Stadige Strikers it earste stryk-ta toernoai. Dy earste kear, it wie wat nijs fansels, kamen der 72 dammers op ôf. Elkenien fan de organisearjende klup wie yn de wolken. Jier op jier kamen dêrnei minder dammers op itselde toernoai ôf. Guon kamen net, want dy fûnen 40 minuten op de klok gjin dammen.

It is foar ús damjen in toer om der wat nije oanwaaks by te krijen. Wy sjogge de ôfnimmende belangstelling foar it klupkampioenskip te Easterein. In jier as wat lyn diene der noch 16, 17, 18 achttallen oan mei en de lêste kear wiene dat mei in soad passen en mjitten noch mar tolve! In tryste konstatearring. Mar it is sa as it is.

Kin dat dan net oars. Ja dat kin, mar dan moat der manmachtich ynverstearre wurde yn de jeugd. It kader is fansels mar hiel lyts. En om it de bern te learen hat men ynstrukteurs nedich. Wy ha fansels de dam-app op de i-pad, tablet en i-foon, mar dan noch hat men de jongerein noch net sa mar sa fier om by in klup te gean.

Miskien moat it stramyn op de klup ek wol feroarje. Alle wiken in jûn damje op de klup akselje in soad jongeren ek tsjinoan. In bekenden yn myn rûnte siet op in Shantykoar. Ien kear yn de trije wiken. Prachtich. Doe besletten se om om de twa wike te sjongen. Doe liet dy bekende it ôf witte mei de wurden: "Ien kear yn de twa wiken is my te folle! Dêr betankje ik foar".

Mooglik bringt aansten it projekt Frysk Sporten yn de klasse in geunstige feroaring. Wa wit, mar ik wit ek hoe't de hazzen rinne yn it ûnderwiis. Undertusken lêst ik jaloersk yn de Ljouwerter de searje damútslaggen fan de lanlike en regionale kompetysjes fan it Hollânske spul. Dy fariant krijt ek hieltyd minder spilers, mar likegoed sjoch ik der mei jaloerske blikken nei. CK